

Examen VMBO-GL en TL

2011

tijdvak 1
vrijdag 27 mei
9.00 - 11.00 uur

Fries CSE GL en TL

Bij dit examen horen een bijlage en een uitwerkbijlage.

Beantwoord alle vragen in de uitwerkbijlage.

Achter dit examen is een erratum opgenomen.

Dit examen bestaat uit 42 vragen.

Voor dit examen zijn maximaal 49 punten te behalen.

Voor elk vraagnummer staat hoeveel punten met een goed antwoord behaald kunnen worden.

GT-0021-a-11-1-o

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).

Voor alle eindexamens, zie www.allexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.

Tekst 1

- 1p 1 Hokker bewearing past it bêste by alinea 1?
A Alinea 1 is in beskriuwing fan in súksesfolle gearwurking tusken twa ferienings út Sint Nyk.
B Alinea 1 is in gearfetting fan de tekst dy't folget.
C Alinea 1 jout in yndruk fan de ynhâld fan in spesjaal toanielstik út 2009.
D Alinea 1 sketst de achtergrûn fan de jubileumfoarstelling fan it Sint Nykster korps.
- 1p 2 "In stik mei in kombinaasje fan sang, dûns en teater ..." stiet yn de earste rigel fan alinea 2.
→ Sitearje út alinea 1 in mooglike typearring foar sa'n stik.
- 1p 3 Yn alinea 2 stiet de motivaasje fan Anneke Sieperda om in jubileumfoarstelling foar it korps te skriuwen.
→ Sitearje it sinpart út dy alinea dêr't har motivaasje yn ferwurde wurdt.
- 1p 4 Hokker ferbân is der tusken de lêste trije sinnen fan alinea 2 en de earste sin fan alinea 3?
A foarweardlik ferbân
B konkludearjend ferbân
C oarsaaklik ferbân
D útlizzend ferbân
- 1p 5 Hokker ferbân is der tusken de earste sin fan alinea 3 en de rest fan dy alinea?
A foarweardlik ferbân
B konkludearjend ferbân
C oarsaaklik ferbân
D útlizzend ferbân
- 1p 6 Yn alinea 3 steane foarbylden fan histoaryske lokaasjes.
By hokker soarte fan skiednis út alinea 3 passe dy?
A de doarpsskiednis (rigel 33)
B de famyljeskiednis (rigel 36)
C de korpsskiednis (rigels 32-33)
D de rommere skiednis (rigels 33-34)

De folgjende ynlieding heart by de fragen 7 en 8.

Anneke Sieperda fertelt yn alinea 3 ûnder oare hoe't se it jubileumstik fan it korps opboud hat.

- 1p 7 Op hokker wize hat se besocht ôfwikseling te bringen yn de foarm fan it stik?
- 2p 8 Op hokker wizen hat se besocht ôfwikseling te bringen yn de ynhâld fan it stik?

- 2p **9** It wurd "dissipline" hat twa betsjuttings.
→ Toan dat oan troch de beide betsjuttings fan dat wurd, sa't dy brûkt wurde yn alinea 4, te omskriuwen.
Brûk foar it antwurd net mear as 15 wurden.
- 1p **10** De muzikanten ferwachten dat de rol fan de muzyk hiel grut wêze soe (sjoch rigels 68-71)
→ Sitearje in sinpart út alinea 2 dêr't út bliken docht dat Anneke Sieperda dy rol oars seach.
- 1p **11** Hokker bewearing fettet de ynhâld fan alinea 5 it bêste gear?
A De dielnimmers fan it jubileumstik koene ynearsten mar min mei elkoar opsjitte.
B De ferskillende dielnimmersgroepen groeiden yn de repetysjetiid stadichoan nei elkoar ta.
C De muzyk spile yn it jubileumstik fan it korps fansels de wichtigste rol.
D De oarlochssêne út it stik jout in goed foarbyld fan de gearwurking yn de produksjeploech.
- 1p **12** Wat is ynhâldlik it belangrykste ferskil tusken alinea 6 en de rest fan de tekst *Oars as Oars*?
- 1p **13** Yn alinea 6 giet it ûnder oaren oer hippys, Marilyn Monroe en oer de oarloch. By hokker soarte fan skiednis út alinea 3 passe dy ferwizingen it bêste?
A de doarpsskiednis (rigel 33)
B de famyljeskiednis (rigel 36)
C de korpsskiednis (rigels 32-33)
D de rommere skiednis (rigels 33-34)
- 1p **14** Hokker bewearing past it bêste by alinea 7?
A Yn alinea 7 wurdt de finansiering fan it jubileumstik beskreaun.
B Yn alinea 7 wurdt foaral op de tastânkomming en de wurdearring fan it jubileumstik yngien.
C Yn alinea 7 wurdt in koarte resinsje fan it jubileumstik jûn.
D Yn alinea 7 wurdt it súkses fan it jubileumstik analysearre.
- 1p **15** Hokker betsjutting hat de titel fan de tekst?
A De jubileumfoarstelling fan De Harmonie út Sint Nyk wie hiel bysûnder.
B De korpssen yn Fryslân fiere harren jubilea meastal net mei grutskalige foarstellingen.
C De toanielferiening fan Sint Nyk hyt Oars as Oars.
D De útfiering fan it Sint Nykster korps wie in jubileumfoarstelling.

- 1p **16** De skriuwer kin by it skriuwen fan in tekst gebrûk meitsje fan
- 1 feiten
 - 2 de miening fan in oar
 - 3 syn of har eigen miening
- Wêr hat Gerry Hijlkema, skriuwer fan dizze tekst, gebrûk fan makke?
- A Fan 1 en 2
 - B Fan 1 en 3
 - C Fan 1, 2 en 3
- 1p **17** Wat is de haadgedachte fan tekst 1 *Oars as oars*?
- A De ferminging fan doarps-, korps- en algemiene skiednis is it wichtichste kenmerk fan it jubileumstik fan De Harmonie út Sint Nyk.
 - B De ûngewoane, multydisziplinêre oanpak by it jubileumstik fan De Harmonie út Sint Nyk hat súksesfol west.
 - C It ferhaal fan trije generaasjes Korpsma stiet sintraal yn it jubileumstik fan De Harmonie út Sint Nyk.
 - D It korps De Harmonie út Sint Nyk hat syn 100-jierrich jubileum op in grutskalige manier fierd.

Tekst 2

- 1p **18** Hokker bewearing past it bêste by alinea 1?
- A It neamt in anekdoate en it jout in gearfetting fan de tekst.
 - B It neamt in anekdoate en it doel fan de tekst.
 - C It neamt de oanlieding en it doel fan de tekst.
 - D It neamt de oanlieding en jout in gearfetting fan de tekst.
- 1p **19** Hokker gefolch soe it ferbieden fan it aaisykjen neffens guon fûgelwachters ha?
- 1p **20** Hokker ferbân is der yn alinea 3 tusken sin 1 en sin 2?
- A foarwaardlik ferbân
 - B oanfoljend ferbân
 - C oarsaaklik ferbân
 - D tsjinstellend ferbân
- 1p **21** Hokker ferbân is der yn alinea 3 tusken sin 2 en sin 3?
- A foarwaardlik ferbân
 - B oanfoljend ferbân
 - C oarsaaklik ferbân
 - D tsjinstellend ferbân
- 1p **22** Sitearje in sin út alinea's 2-3 dêr't út bliken docht, dat It Fryske Gea net sûnder gearwurking mei fûgelwachters kin.
- 1p **23** Wêrom fine de skriuwers fan de tekst it beslút fan It Fryske Gea net sa yngripend?

- 2p **24** Yn de gebieten fan It Fryske Gea is gjin neisoarch nedich.
→ Hokker maatregels soargje dêrfoar?
- 2p **25** Hokker tsjinstelling konstatearje de skriuwers fan de tekst tusken guon politisy en It Fryske Gea?
Brûk foar it antwurd net mear as 15 wurden.
- De folgjende ynliding heart by de fragen 26 en 27.*
"De foarsitter fan It Fryske Gea, Arjen van der Meer, en de direkteur, Ultsje Hosper, lizze út wêrom't it dien is mei it aaisykjen op Gea-grûn." (rigels 5-9)
- 1p **26** Wêrom moat neffens alinea 2 it aaisykjen ophâlde?
Brûk foar it antwurd net mear as 10 wurden.
- 1p **27** Sitearje de sin út alinea 5, dy't antwurd jout op de fraach wêrom't it aaisykjen ophâlde moat.
- 1p **28** In skriuwer kin foar syn artikel gebrûk meitsje fan feiten, fan syn eigen miening en fan de miening fan oaren.
Wêr meitsje de skriuwers fan dit stik gebrûk fan?
- A feiten
 - B feiten en harren eigen miening
 - C feiten en mieningen fan oaren
 - D feiten, eigen miening en mieningen fan oaren.
- 1p **29** Wat is het wichtichste doel fan dizze tekst?
- A ferdivedearje
 - B oantrune
 - C oertsjûgje
 - D ynformearje

Tekst 3

- 1p **30** Hoe wurdt de tekst 'Ferkeard sinjaal fan It Fryske Gea' ynliden?
- A troch de oanlieding te neamen ta it skriuwen fan de tekst
 - B troch in koarte gearfetting fan de tekst te jaan
 - C troch it fertellen fan in anekdoate
 - D troch it yntrodusearjen fan in saakkundige
- 1p **31** Wat is "in dúdlike koerswiziging en in trendbreuk mei it ferline"? (rigels 3-4)
- A dat it aaisykjen noch hieltyd in frijtiidsbesteging is
 - B dat it aaisykjen op syn lêste fuotten rint
 - C dat It Fryske Gea it aaisykjen hielendal ferbiede wol
 - D dat It Fryske Gea it aaisykjen op syn terreinen ferbiede wol

- 1p **32** Wat is it ferbân tusken alinea's 1 en 2?
A konkludearjend
B oarsaaklik
C opsomjend
D tsjinstellend
- 2p **33** "It Fryske Gea wie de lêste natuerorganisaasje yn Nederlân dy't it sykjen en meinimmen fan ljipaaien noch tastie." (rigels 12-13)
→ Hokker gefolgen soe dat foar It Fryske Gea hawwe kinne?
Brûk foar it antwurd net mear as 10 wurden.
- 2p **34** Wêrom stiet it belied fan It Fryske Gea no streekrjocht foar dat fan de Provinsje en it fûgelwachtersbûn oer?
Brûk foar it antwurd net mear as 15 wurden.
- 1p **35** Alinea 4 wurdt foarme troch trije sinnen.
Wat is it ferbân tusken de earste en de twadde sin fan dy alinea?
A konkludearjend
B oarsaaklik
C opsomjend
D tsjinstellend
- 1p **36** "Dan is it net handich om dy leden foar de holle te stjitten." (rigels 22-23, alinea 5)
Om hokker leden giet it hjir?
A om in part fan de leden fan de provinsjale steaten
B om in part fan de leden fan It Fryske Gea
C om in part fan de leden fan it fûgelwachtersbûn
D om in part fan de leden fan oare natuerorganisaasjes
- 2p **37** Yn rigel 29, alinea 6 brûkt de skriuwer it wurd 'stridich'.
→ Wêr doelt de skriuwer op?
Brûk foar it antwurd net mear as 10 wurden.
- 1p **38** "It Fryske Gea jout mei dit beslút in mispleatst en ferkeard sinjaal ôf." (rigel 31)
→ Sitearje de sin út it foarôfgeande dêr't dat mei oare wurden sein wurdt.
(alinea's 4 oant en mei 6)
- 1p **39** Der bestiet neffens Jan Luimstra in algemien erkende haadoarsaak fan it ferdwinen fan folsleine populaasjes greidefûgels.
Op hokker haadoarsaak wurdt hjir doeld?
A gjin goede neisoarch yn 'e maitiid
B in minne gearwurking tusken natuerorganisaasjes
C it algemien ferbod op aaisykjen
D it yntinsive gebrûk fan it lân

- 1p 40 Wat is it doel fan de tekst?
- A ynformearje en ferdivedearje
 - B ynformearje en oantrune
 - C ynformearje en oertsjûgje
 - D ynformearje, oantrune en oertsjûgje

De folgjende fragen geane oer de teksten: *It Fryske Gea kiest foar de fûgels* en oer *Ferkeard sinjaal fan It Fryske Gea*.

- 1p 41 "Troch mear rêst ... wer tanimme sil." (rigels 83-86) is in sitaat út *It Fryske Gea kiest foar de fûgels*.
- Sil neffens de skriuwer fan *Ferkeard sinjaal fan It Fryske Gea*, it tal briedfûgels dan wier tanimme?
Sitearje de sin dy't oanjout hoe't Jan Luimstra dêr oer tinkt.
- 1p 42 Hokker útspraak giet foar beide teksten op?
- A It docht bliken dat It Fryske Gea syn eigen koers farre wol.
 - B It Fryske Gea wol him net ûnderskiede fan oare natuerorganisaasjes.
 - C Provinsje, BFVW en It Fryske Gea ha in mienskiplik doel.
 - D Provinsje, BFVW en It Fryske Gea ha in tsjinsteld doel.

Bronvermelding

Een opsomming van de in dit examen gebruikte bronnen, zoals teksten en afbeeldingen, is te vinden in het bij dit examen behorende correctievoorschrift, dat na afloop van het examen wordt gepubliceerd.

Fries CSE GL en TL

Centraal examen vmbo

Tijdvak 1

Opgaven

Aan de secretarissen van het eindexamen van de scholen voor vmbo,

Bij het centraal examen Fries GL en TL vmbo op vrijdag 27 mei, aanvang 9.00 uur moeten de kandidaten de volgende mededeling ontvangen. Deze mededeling moet bij het begin van de zitting worden voorgelezen en/of aan de kandidaten worden uitgereikt.

Op **pagina 2**, bij vraag 2 moet in de zin

stiet yn de earste rigel fan alinea 2

vervangen worden door:

stiet yn de twadde en tredde rigel fan alinea 2

Het College voor Examens
Namens deze, de voorzitter,

drs. H.W. Laan